

In krabbe

nedich:

in stik blau papier, in stik giel of sânkleurich papier (kin ek in stik fan in brune pûde wêze), reade ferve, in kwast, in skelk (schort), in swarte stift, eventueel wibelegjes en watten foar wolken.

Skuor it giele of sânkleurige papier in bytsje golvjend ôf.

Plak it ûnder oan it blauwe papier. Dat is it strân.

Fervje dyn hannen read. Druk dyn hannen ien foar ien stevich op it papier: ien hân mei de fingers nei rjochts en ien hân mei de fingers nei links. Stek dyn tommen goed út: dêr komme de eagen fan de krabbe op.

Plak lytse stikjes watte yn 'e loft as wolken.

Tekenje de eagen fan de krabbe boppe op de ôfdruk fan dyn tommen of plak dêr wibelegjes op. Jou de krabbe ek in mûle.

